



# **IN NUVER STEL**

(The Odd Couple)

Komedie

troch

**NEIL SIMON**

Oerseting

**Tryntsje van der Zee**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk **IN NUVER STEL - THE ODD COUPLE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

#### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

#### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## WARSKÔGING

Alle amateurferieningen dy't it stik *The Odd Couple - In Nuver Stel* opfiere, moatte yn alle programboekjes, posters, advertinsjes en mooglik oare publikaasjes de folsleine namme fan de oarspronklike auteur: NEIL SIMON derby sette. De namme fan de auteur moat op in aparte rigel; op dyselde rigel mei gjin oare namme neamd wurde. Drekst dêrop folget de titel fan it stik, mei dêr fuort ûnder de oarspronklike titel. De namme fan de auteur mei net lytser wêze as 50% fan de lettergrutte fan de titel. Ek moat neamd wurde dat dizze opfiering jûn wurde mei mei spesjale tastimming fan it I.B.V.A. "Holland" B.V. te Alkmaar.

Ek de namme fan de oersetter heart neamd te wurden.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige of iepenbier makke wurde troch middel fan druk, fotokopy, mikrofilm, byldbân, fideotape of op hokker oare wize ek, sûnder dat fan te foaren skriftlik tastimming jûn is troch I.B.V.A. "HOLLAND" B.V. te Alkmaar, hokker buro út namme fan de útjouwer hannelet.

## By de Fryske oersetting:

It liket my moai ta de manlju yn dit stik wâldfrysk prate te litten en de beide (Ingelse) dames standertfrysk, suver hast wat 'boekefrysk'.

Ik ha foar safier't de stavering dêrta de mooglikheden jout, dat ek oanjûn. Dus net *witte* mar *wite*; en *hy*, *sy*, *my* en *dy* moatte mei in *i* útsprutsen wurde. By de froulju ha ik dêrom *mij*, *wij*, *sij*, *dij* skreaun, om't sy dy wurden mei in *ij* sizze moatte. Lykwols ha ik my safolle mooglik oan it wurdboek holden. Ik ha dus wol 'tweintich' skreaun, wylst de wâldman 'twintich' seit. Ek wurden as *nij*, *krije*, *leauwe*, ha ik neffens de wurdboeknoarm stavere. Mar dy moatte troch de manlju leafst wol op syn wâldsk útsprutsen wurde, dus: *neeje*, *kreeje*, *ljauwe* ensafuorthinne. Koartsein, sa't de wâldsiers gewoanwei ek prate. (Mar net 'bjartsje" foar 'boartsje', dat giet my te fier!) TZ.

**PERSONAAZJES:** *(yn folchoarder fan opkomst)*

Speed

Murray

Roy

Vinnie

Oscar Madison

Felix Ungar

Gwendolyn Pigeon

Cecily Pigeon

**TIID:** de tsjintwurdige

**PLAK:** It Riverside Drive Appartemint fan Oscar Madison yn New York

**EARSTE BEDRIUW** - In hite simmerjûn

**TWADDE BEDRIUW**

Sêne 1: Twa wike letter, jûns om alve oere hinne

Sêne 2: In pear dagen letter, jûns om acht oere hinne

**TREDDE BEDRIUW** - de folgjende jûns, om healwei achten hinne

## **DEKOR:**

It lúkse appartemint fan Oscar Madison op Riverside Drive, New York. It appartemint hat acht keamers. It gebou datearret út de jierren tritich, en fertoeant noch altyd spoaren fan it glorieuze ferline. Hege plafonds, grutte kasten en dikke muorren. We binne yn de sit-ytkeamer. Ut de sitkeamer wei jouwe in stikmannich doarren tagong ta de keuken, sliepkeamers, in toilet en in haltsje dat nei de oare sliepkeamers liedt. Hoewol't it meubilêr tige smaakfol is, sjocht it appartemint der rommelich en fertutearze út. It is dúldlik te fernimmen dat der al in pear moannen gjin frou mear yn 'e hûs is. Smoarge boarden, omtoarkjende klean, âlde kranten, lege flessen, lege en heallege glêzen, steapels wask, post en ferskode meubels. Trije moanne lyn wie dit in prachtich appartemint.

## EARSTE BEDRIUW

*(as it doek opgiet: De keamer stiet blau fan 'e reek. Der wurdt pokere. Om de yttafel hinne steane seis stuollen, mar der sitte mar fjouwer manlju. Dat binne: Murray, Roy, Speed en Vinnie. Vinnie, mei de grutste steapel fysjes foar him, tikket senuweftich mei de foet op 'e grûn en sjocht om it hurtsje op 't horloazje. Roy sjocht nei Speed en Speed sjocht ferheard en tige fassinearre nei Murray, dy't de kaarten útdielt. Hy besiket stadich en hiel sekuer de kaarten te skodzjen; in tryst en omslachtich gedoch)*

SPEED: *(sjocht it lykas de oaren swijend oan, kin der net by; set earm op tafel, hân ûnder 't kin)* ...Sis Mr Maverick, dochst dit foar 't earst?

MURRAY: *(sûnder te ferblikken)* As't dy net oanstiet dan skafst mar in skod-masine oan. *(hy giet troch mei stadich útdielen)*

ROY: Jasses, wat stjonkt it hjir.

VINNIE: *(sjocht op 't horloazje)* Hoe let is 't?

SPEED: Moatst no alwer wite hoe let as 't is?

VINNIE: *(kleierich)* Myn horloazje rint achter. Ik wol graach wite hoe let as 't is.

SPEED: *(sjocht him ferneatigjend oan)* Dû stietst op it punt fiifennjoggentich dollar te winnen, sa let is it... wêr moatstû yn fredesnamme sa oerhastich hinne?

VINNIE: Ik hoech nergens oerhastich hinne. Ik frege allinne mar hoe let as 't wie. Wa hat it hjir oer haast?

ROY: *(sjocht op 't horloazje)* It is healwei alven. *(stilte. Murray is noch hieltyd dwaande mei kaarten út te dielen)*

VINNIE: *(koarte stilte)* Ik moat tsjin tolven fuort.

SPEED: *(sjocht wanhopich nei 't plafond)* Oh, myn god.

VINNIE: Dat ha 'k al sein foar dat we begûnen. Ik moat tsjin tolven fuort. Murray, ha 'k dat sein of net? Ik ha sein dat ik tsjin tolven fuort moast.

SPEED: Okee. Mar praat net tsjin him, hy moat jaan. *(tsjin Murray)* Of woest earst even bekomme? Gean oars even lizzen, honkeponke.

MURRAY: Wat wolst: fluch of sekuer? Sis it mar. *(Speed lûkt fûleinich oan syn sigaar)*

ROY: Sis, doch my in deugd en blaas dy reek de oare kant, ja? *(Speed blaast no de reek Roy syn rjochting út)*

MURRAY: Sûnder gekheid, mar ik meitsje my sa stadichoan soargen oer Felix. *(wiist nei in lege stoel)* Hy hat noch noait sa let west. Oars moat ien him even belje. *(ropt nei achteren)* Hee, Oscar, belje dû



Felix even.

ROY: (*wapperet mei de hân de reek fuort*) As we no 'es allegear trije dollar lappe, en dêr in ekstra rût foar keapje? Dat jim hjir noch sykhelje kinne!

MURRAY: Hoefolle kaarten hast? Fjouwer?

SPEED: Ja Murray, we ha allegear fjouwer kaarten. Ast ús no allegear noch ien joust, dan ha we fiif. En ast is noch twa joust, dan ha we seis. Krijst al in bytsje troch, hoe't it wurket?

ROY: (*ropt nei achteren*) Oscar? Hoe liket it? Dochst mei, of net?

OSCAR: (*ropt, achter*) Nee, ik pas. (*Speed iepenet en de oaren sette yn*)

VINNIE: Ik ha tsjin myn frou sein dat ik uterlik om ien oere thús wêze soe. We moatte it fleantúch fan acht oere nei Florida helje. Dat ha 'k al sein foar't we begûnen.

SPEED: Net gûle, Vinnie. De bist al twaënfjirtich. Dat is sa sjenant. Doch my mar twa... (*smyt syn kaarten del*)

ROY: Wêrom lit er neat oan dy airconditioning dwaan? 't Is hjir sawat 38 graden. Dy termometer swit al krektlike bot as wy. Ik pas. (*rint nei it rût en sjocht nei bûten*)

MURRAY: Wa giet no yn july nei Florida?

VINNIE: Dat is noch fóár it heechseizoen. Noch net drok, en je krij de bêste keamers foar net mear as in tsiende part fan de normale priis. Sûnder te reservearjen.

SPEED: 'n Moaie fakânsje. Mei seis earmoedlijers yn in leech hotel.

MURRAY: De (kaart)dieler nimt fjouwer... Sis, Felix sil doch net siik wêze? Wat tinkt jim? (*wiist nei de lege stoel*) Ik bedoel, hy is oars noait sa let.

ROY: (*set waskkoer út leunstoel en giet sitten*) Ik leau dat hjir noch deselde rotsoai omtoarket as ferline wike. Guon dingen begjinne my al bekend foar te kommen.

MURRAY: (*smyt kaarten del*) Ik bin út...

SPEED: (*toant kaarten*) Twa hearen...

VINNIE: Strjitte... (*toant kaarten en hellet de pot nei him ta*)

MURRAY: Wa wyt hat er him wer opsluten op 'e W.C. op syn kantoar. Wisten jim dat er dêr al 'es in hiele nacht sitten hat? Hat er syn hiele testamint sitten op te skriuwen op in heale rôle klosetpapier! ... Dat is my ek wol sa'n apartenien! (*Vinnie sit te tyspeljen mei syn fysjes*)

SPEED: (*sjocht him ferneatigjen oan*) Net mei de fysjes boartsje. Hoe faak ha 'k dat al net sein. Net mei de fysjes boartsje.

VINNIE: (*tsjin Speed*) Ik boartsje der net mei. Ik tel se. Lit my gewurde. Hoechst dy net op my ôf te reagearjen. Hoefolle tochst dat ik wûn hie? Fyftjin dollar!

SPEED: FYFTJIN DOLLAR? Ik ha oars aardich wat mear as fyftjin yn dyn mouwe ferdwinen sjoen! (*Speed dielt*)

MURRAY: (*ropt nei achteren*) Oscar? Wat dochst?

OSCAR: (*komt op mei in blêd mei bier, sandwiches, nûtsjes en in iepen makke pak mei chips*) Dêr wie ik al. Ik doch mei. Toe mar. Jou mar. (*Oscar Madison is 43; in ynnimmend en gemoedlik man, hat nocht oan it libben, jout tige om syn freonen, om syn wykliks pokerjûntsje, om mear drank as goed foar him is en om syn sigaren. Is ien fan dy seldsume bofkonten dy't mei plezier syn wurk docht as sportferslachjouwer by de The New York Post. Syn soargeleaze hâlding is him en syn fertutearze húshâlding dúdlik oan te sjen en skynt oaren dan ek mear te steuren as himsels. Wat net sizze wol dat Oscar gjin soargen of swierichheden ken. It liket allinne mar sa*)

VINNIE: Moatst dyn kaarten net besjen?

OSCAR: (*set blêd op in stoel*) Wêr soe dat goed foar wêze? Ik bluf doch. (*makket fleske kola iepen*) Foar wa wie de kola?

MURRAY: Foar my.

OSCAR: Foar myn freon Murray, de plysjeman, in fleske waarme kola. (*jout him it fleske*)

ROY: (*set yn*) Hast dy koelkast no noch net meitsje litten? Dy is al fjirtjin dagen kadúk. Gjinn wûnder dat it hjir sa stjonkt.

OSCAR: (*pakt syn kaarten op*) No, no kalm no mar. As ik gesanikoan 'e kop ha woe, hie 'k myn frou wol frege werom te kommen... (*smyt kaarten del*) Ik pas... Wa wol wat ite?

MURRAY: Wat hast allegear?

OSCAR: (*sjocht nei de sandwiches*) Ik ha brune en ik ha griene sandwiches.

MURRAY: Wat is dat foar guod, dat griene?

OSCAR: (*sjocht noch ris*) Dat is òf hiele jonge tsiis òf hiel âld fleisguod.

MURRAY: Jou my mar brún.

ROY: Koest wol net wiis wêze. Bistû echt fan doel dat op te iten?

MURRAY: Ik ha sin oan wat.

ROY: Dy koelkast fan him is al fjirtjin dagen rampoai. Ik seach dêr molke stean dy't net iens yn in pak siet.

OSCAR: (*tsjin Roy*) Jonge noch ta. Datstû dy sa drok makkest om de folkssûnens. Yt dû mar wat, Murray, yt mar lekker.

ROY: Ik ha seis kaarten...

SPEED: O nee, h'n... Krekt no't ik trije azen ha. Opnij jaan. (*se smite allegear de kaarten op tafel; Speed begjint te skodzjen*)

VINNIE: Wyt jim wa't lekkere sandwiches makket? Felix. Ha jim syn

sandwiches mei smar-tsiis mei krûden en dadels wolris preaun?  
SPEED: *(tsjin Vinnie)* No, wat wolst no? Pokerje of resepten besprekke? *(Oscar makket in blikje bier iepen. It skom spuitet oer de tafel en de spilers hinne. Reboelje as elkenien tsjin Oscar begjint te razen. Hy jout it blikje, dêr't it bier oerhinne rint oan Roy en faget achteleas de plasse bier fan 'e tafel op flier. De spilers jouwe har wer oer oan it spul, mar barste wer út yn geraas as Oscar noch in blikje bier iepen makket mei itselde effekt. Se dippe it bier op mei in handoek dy't oer in steande lampe hinget. Oscar lit him net ôfliede en jout har it bier en de chips of nûtsjes oan en úteinlik giet elkenien wer op syn plak sitten. Oscar faget de hannen ôf oan de mouwe fan Roy syn jaske dat oer de rêchleuning fan ien fan de stuollen hinget)* Sis Vinnie. Fertel 'es oan Oscar hoe let ast fuort moatst.

VINNIE: *(as in goed ôfrjochte hûn)* Tolve oere.

SPEED: *(tsjin de oaren)* Hearre jim dat? Noch tsien minuten foar de folgjende oankundiging. Okee. Dan sil ik 'es even in passende kaart útdiele... *(dielt út en neamt by elk willekeurige kaarten op; as lêste komt er by Murray)* En in kûgel foar ús plysje... Goed, Murray, dû hast it foar 't sizzen. *(gjin antwurd)* No... komt der noch wat fan?

OSCAR: *(hellet it drankje oan 'e bar)* Net raze tsjin Murray, h'n. Hy is myn freon.

MURRAY: *(smyt in muntsje yn 'e midden)* Myn ynset.

OSCAR: *(sjocht mei grutskens nei Murray)* Prachtich jonge, prachtich. *(giet sitten en makket in pakje nûtsjes iepen)*

ROY: Sis Oscar. Sill' we wat ôfprate? Dû keapest op syn minst ienkear yn 't healjier farske chips. Hoe kinst sa libje. Hast gjin faam?

OSCAR: *(skodhollet)* Se hat ûntslach nommen doe't myn frou en bern fuortgien wiene. It waard har tefolle... *(sjocht nei de tafel)* Der sit net folle yn 'e pot. Wa hat noch neat ynset?

MURRAY: *(tsjin Oscar)* Dû net.

OSCAR: *(docht der jild by)* Wat hast wer in grutte bek, Murray. Kinst my grif wol tweintich dollar liene. *(Speed dielt noch in rûntsje)*

MURRAY: Noch gjin tsien minuten lyn ha 'k dy ek al tweintich dollar liend. *(elkenien docht bydrage yn 'e pot)*

OSCAR: Dû hast my TSIEN dollar liend, TWEINTICH minuten lyn. Moatst rekkenjen leare, skatsje.

MURRAY: En dû moatst pokerjen leare, hertelapke!... Lien no mar ris fan in oar. Ik doch oars net as myn eigen jild weromwinne.

ROY: *(tsjin Oscar)* Dû stietst by ús allegear yn 'e skuld. Ast gjin sint op 'e melis hast, moatst net spylje.

OSCAR: ... Just. As jim sa wolle... Dan is it ek dien mei myn

gastfrijheid. Ik krij fan jim allegear noch seis dollar foar 't buffet.

SPEED: (*dielt kaarten út*) Buffet seist? Waarme kola en stikken bôle dy'st oerhâlden hast út 'e tiid datst noch op skoalle sietst?

OSCAR: Wat ferwachtsje jim dan ûnder 't pokerjen? Kulinêre keunststikjes?... Murray, lien my tweintich dollar, oars belje ik dyn frou om har te fertellen datst yn 't Central Park omrinst mei in jurk oan.

MURRAY: Ast ferlet fan jild hast moatst by Felix wêze.

OSCAR: Felix is hjir net.

MURRAY: No, ik ek net.

ROY: (*jout him jild*) Goed dan. Asjeblyft. Dan stietst no nóch 'es foar tweintich dollar by my yn 't kryt.

OSCAR: Hoefaak moat ik dat noch hearre? (*nimt jild oan*)

MURRAY: Wannear bellest Felix?

OSCAR: Wannear sill' we pokerje?

MURRAY: Sitstû dan net oer him yn? It is foar 't earst yn twa jier dat er der net is.

OSCAR: It rekord stiet op 15 jier, sont 1939! Op namme fan Lou Gehrich... Ik sil belje! Ik sil belje!

ROY: Dat ien sa lui wêze kin... (*de telefoan giet*)

OSCAR: (*smyt kaarten op tafel*) Kinst my rêstich ûnferantwurdlik neame. Sa bin ik no ienkear. (*giet nei de telefoan*)

SPEED: Twa seizen...

VINNIE: Trije azen...

SPEED: (*slacht wanhopich de hannen omheech*) Dit is de lêste kear. Ik ha thús al genôch ellinde te ferduorjen. (*Oscar nimt hoarn op*)

OSCAR: Hallo. Hjir Oscar de Pokerkoaning!

VINNIE: (*tsjin Oscar*) As it myn frou is, sis dan mar dat ik om tolve oere fuortgean.

SPEED: (*tsjin Vinnie*) Astû noch ien kear op dat horloazje sjochst, dan krijst dizze nuten nei de kop!... (*tsjin Roy*) Diele mar! (*it spul giet troch ûnder Oscar syn telefoanpetear*)

OSCAR: (*yn hoarn*) Wa?... Wa moatt' je ha? Heidy?...Hokker Heidy? Ik ken gjin Heidy... Oh, HEITY! (*tsjin de oaren*) Allemachtich, it is myn soan! (*wer yn de hoarn, no ien en al waarmte en tagedienens*) Ah, Brucey, dach jonge. Ja, mei heity! (*lûd en heallûd gemompel en kommintaar fan de manlju om 'e tafel*) Sis jonges, doch my in lol, asjeblyft. Myn soan fan fiif bellet my alhiel út Californië. Dat kostet him in fermogen. (*wer yn de hoarn*) Hoe is 't mei dy, keardeltsje?... Ja, ik ha dyn brief krige... ja, einlings ja. Hat der trije wike oer dien... Ja, mar in oare kear moast mem doch mar om in postsegel freegje, h'n?... Dat wyt ik wol, mar in postsegel der op

tékenje, dat jildt net... (*laket; tsjin de oaren*) Hearre jim dat?

SPEED: We hearre it, ja, we hearre it. It giet ús dwars troch alles hinne.

OSCAR: Wat seist, myn jonkje?... Goudfisken?... Hokker goudf...? Op dyn keamer!... Oh ja, fansels pas ik der goed op.... (*hâldt de hoarn tsjin it boarst*) O myn God! Ik ha se fermoarde. Ik ha de goudfisken fan myn soan... (*yn hoarn*) Ja hear, se krije alle dagen foer.

ROY: Moardner!

OSCAR: Memmy? Wol dy ek noch even mei my prate? Okee. Silst goed op dysels passe? Dach jonkje. Heit is mâl mei dy...

VINNIE: (*begjint te dielen*) Ynset in dollar.


SPEED: (*tsjin Oscar*) Ynset in dollar. Hast in dollar?

OSCAR: Net mear as ik mei dizze fou útpraat bin. (*yn hoarn, sabeare optein*) Hallo, Blanche. Hoe is 't dermei?... Eh, ja... Ik tink it wol. Sil 'k es riede? Om't ik in wike te let bin mei myn cheque?... FJOUWER wike? Dat kin net... Omdat it net kin... Blanche, ik hâld sekuer by hokker cheques ik útskriuw en ik bin der wis fan dat ik heechút TRIJE wike achter bin... Blanche ik doch myn uterste bêst... Blanche, driigje no net met de gefangenis, want dat slacht nergens op. Mei myn alimentaasje en myn ûnkosten hâld ik minder jild oer as ien dy't fêst sit!... No dat is aardich, wêr't de bern by binne... Nee, fertel my no net datst beslach op myn salaris lizze litst, want wy binne no útpraat! Ja, dáách! (*hinget op; tsjin de oaren*) Ik bin achthûndert dollar achter mei myn alimintaasje, dus lit ús de ynset mar ferheegje... (*krijt drankjes fan de pokertafel*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**